

# Grouster „Gemengd Koor” fierde gouden feest

Ien fan de meast bikende koaren yn Fryslân jubilearre sneon en snein. It „Gemengd Koor” fan Grou bitocht dizze dagen nammentlik syn 50-jierrich bestean. De sneontomiddels waard er by hotel Oostergoo in resepsje hâlden. De greate seal wie alhiel biset.

De foarsitter, de hear D. Ateema, iepene mei in wurd fan wolkom en fortelde hwat oer it ûntstean fan it koor. Dat is bard nei de ûndergong fan de „Titanic” op 14 april 1912. De kapel fan dat skip spile doe by dizze ûndergong it lied „Nader mijn God, bij U”. (Dat die letter bliken net wier to wêzen). It makke op 'e wrâld sa'n yndruk, dat oeral dat liet spile en songen waard. Ek to Grou kaem der in espeltsje byelkoar dy 't dit liet ynstudearren en it yn de Formanje by in tsjinst songen op 5 maeije 1912. Hjirút is it „Gemengd Koor” ûntstien. Earst waard der sneintomoarns rippe-tearre yn 'e tsjerke, letter waard de bân tusken tsjerke en koor lossen.

De hear Joh. Gorter, in ienfâldich seil-makker, wist it koor op to wurkjen ta de heechste ôfdieling fan de „Friese Bond”. Yn 1945 waard de hear Kor Ket dirigent, fan doe ôf sloech it koor in oare wei yn. It konkurssjen hâldde

in oare wei yn it konkurssjen hâldde op, ynstê dêrfan naem "it koor diel oan belangryke kulturele manifestaesjes sa as meiwurking by de opfiering van de „Jonkerboer”, útfiering fan de Psalmus Hongaricus fan Kodaly by it earste lustrum fan it Frysk Orkest, meiwurking by de Bonifatiusbitin'ing to Dokkum en opnamen foar de radio.

Nei it forstjerren fan Kor Ket hat it koor nou yn de persoan fan de hear Bram Feenstra wer in dirigent fan klasse. Under syn lieding binne der hiel hwat opnamen foar de RONO en de VARA makke. Forskate kearen hat it koor yn meiwurking forliend by lêzingen oer Eeltsje Halbertsma fan de hear Deinum fan Wytmarsum. Under lieding fan de hear Alfred Salten is meiwurke oan it Halbertsma- en it Troelstradeklamatorium. It koor hat tige de steun fan it doarp en de gemeente. Dochs bliuwt it jildelike fraechstik jimmer ien fan de biswierliksten.

Yn de stampfolle Greate Tsjerke hie de jouns it jubileumkonsert pleats. Neist it Virga Jesse fan Brückner wie de mis foar koor en oargel fan de Hongaarske komponist Zoltán Kodály it belangryke wurk op it programma. Foar it Grouster koor wie Kodály net in alhiel ûnbikende namme. Earder hat hja fan

him de Psalmus Hongaricus útfierd, sadat hja de sfear fan dizze muzyk ûn-

dergien hie. Faeks is dit wol ien fan de redenen, hwêrtroch it koor ûnder de treflike lieding fan Bram Feenstra ta sa 'n ymponearjende en muzikale útfiering fan dit, technysk foar amateurs hast net to sjongen, wurk kaem. As sokke muzyk op dizze wize brocht wurdt, sil it der grif ta bydrage, dat hja yn de takomst mear wearklank fynt.

Nei de pauze waerden der bikende Fryske sangen songen mei it „Rôlje, rôlje” as slútnûmer en hwerfan op forsyk fan ds. Keuning de hiele tsjerke ûnder lieding fan de dirigent it lêste kouple mei oertsjûging meisongen hat. In gloarje joun foar it Mingd Koor!

De oare deis hie der yn de Formanje in Fryske tsjinst pleats ta bitinking fan it gouden feest. Ds. C. P. Hoekema fan Heamstede, earelid fan it koor, hie hjirby de foargong. It Koor song de nûmers „Recordare” út it „Dies irae” fan Thomas fan Celano, oersetting dr. Kok, muzyk J. Slofstra, „Simsons Jubel” út „Simson fan Fedde Schurer en yn oansluting op de preek it „Nader, mijn God, tot U, dat yn deselde tsjerke foar fyftich jier ek songen is en hwêrtroch it koor ûntstien is.

